

on toer

Woansdei 27 maaie.
De hiele moarn noch
fan alles te dwaan.
Rekwisiten ôfmeitsje, alles yn 'e karre pakke, de optearde synopsis nochris trochnimme, apparaten teste, sjonge. En dan begjin ik oan in proefrit. Om te sjen hoe't de karre him hâldt, it is al in âld beestje. En fan fyts en berider is it jongste ek ôf. Even oer de Gordyk, dat is it plan.

Yn de sintrumrûs fan 'Feanetië' (it is wier betocht) falt it noch net op, mar op it earste, wat stillere stikje asfalt liket it rjochtersjil fan de karre wat oan te rinnen. In dûkje yn de spatboerdrâne kin de oarsaak wêze. De bân sil der net daalk fan trochslite, mar repetearjende lûden (drippende kraan, de bas fan in dance-festival 3 km fierderop, de quotes fan Wilders & co), dêr bin ik as muzikant oergefoelich foar. Kin it gehoarapparaat út dwaan, mar fyts ynearsten troch. Nei 3 kertier, 27 drompels en sa 'n 30 oare *boomers*, dy't my allegear op in stekkerfyts foarby fleane, bin ik yn Bontebok.

In beskade bankje by in gemaaltsje, dat sjongt as in wetterfal. Ik set fyts en karre foar in leech hûs, dat ferboud wurde sil. Yn in folle kontener der neist fyn ik in âlde rustige hageskijre, dêr't ik de spatboerdrâne wat mei ferbûge kin. Oplost. Meitsje wat notysjes by de wetterfal en sjoch ôf fan de Gordyk. Ik woe dêr even op de woansdei-middei-merk sjonge. En in slach troch 'Rinsma'. Net om dêr wat te keapjen, mar omt ik de jûns in lietsje sjonge sil dat ik al in skoft net songen ha. Om by it weromheljen te ûntdekken dat it eins o sa aktueel is.

Myn klean komme út 'e kringloop. Ik draach graach kolberts, ek om alle bûsen. Guon dêrfan, djoere merken, hongen dêr foar in pear euro's. Se wienen nij, de bûsen noch tichtnaaid. Omdat ik it yn de foarstelling ek ha oer hoe't wy *boomers* yn de tiid fan ien generaasje ôffal- en fersmoarging-produsearjende konsuminten wurden binne, like it 'broekelietsje' my wol op syn plak.

broekelietsje (klik op 'e titel)

ik kocht mysels in broek
sa 'n nije stútsjekoarden broek
ik hong him langút op 'e kop
de boksen fêstknypt oan in stôk

dêr hong er: strak stiif, deftich & pront
hie noch gjin knibbels, noch gjin kont
mar aaklik skerpe tearen
dy broek, dy kocht ik foar 't berop
want soms dan helje-ik lietsjes op
foar aaklik hege hearen
dy borrelje dinearje, wurkje net
ha dêrby dan fan in lietsje ferlet
dan moat ik omstean leare
yn in broek mei skerpe tearen
broek, broek, pronkjebroek,
as ik dy oanlûk fielt dat
stiif, frjemd, ûnwennich en nij
krekt as bist noch net fan my

mar ha 'k sa 'n broek in skoftlang brûkt
as er wat nei segaren rûkt
dan moat ik waskje en strike
nei tsien kear wurdt er skier en feal
op kont en knibbels al wat keal
sadat er snústrich liket
dan mei er promovearje nei
myn dwaan en litten troch de dei
thus ûnderweis, op strjitte
en jûns...kin ik him lizze litte
broek, broek, alledagenbroek,
as ik oan dy rûk
rûksto eigen, sa net hielendal fris
en ik wit datsto fan my bist

mar och, sa 'n broek wol altyd mear
dy sribbet nei de heechste ear
dy wol in wurkbroek wêze
mei skurve streken, seagsel, fet
wêroan it wurk dat is ferset
dúdlik is ôf te lêzen
dan sil er aanst wol skuord en skeind
komme oan syn eartfol ein
úteinliks wol dochs elke broek
it leafst: by Jopie Húsman op it doek

cd: *Fan de souder op 'e flier* (1998)
tekst & muzyk: Bennie Huisman
útfiering: Bennie Huisman, sang, akordeon
Carel van Leeuwen: kontrabas



Sa'n projekt begjint mei in idee. Dat wurkje ik dêrnei út. Dan giet it ek oer tige konkrete saken: wannear en wêr optrede. Yn de toer-foarm, reizgjend mei fyts en karre, moat it net al te fier útinoar lizze. Omdat myn foarstellings de lêste jierren in aloan mear literêr karakter krije, leit it yn 'e reden om de bibliteken te benaderjen. Ik ha de lêste jierren al optreden yn dy fan It Hearrenfean en Akkrum, beide troch deselde inisjator. Ik stjoer him in mail: dit bin ik fan doel, sjogge jim it sitten? Daalk in entoesjaste mail werom: wat in genereus oanbod. Dat hat ek wol te krijen mei it feit dat it de bibliteken gjin jild kost. Of alteast net foar my: minsken kinne fergees komme, nei ôfrûn sil 'de pet' rûngean, allegear diel fan it spul. Ik bin bliid mei dy reaksje. Net inkeld omt ik de beide earste jûnen no ynfold ha, mar omt it mei de publisiteit wol goed komme sil, dêr sit in profesjonele organisaasje achter. Dat pakt net alhiel sa út as wy it ús foarstelden, mar de jûnen slagje lykwols en de gastfrijens fan de bibliteken is geweldigich.

Fan alle wurk dat it meitsjen en útfieren fan in foarstelling meibringt, is it generearjen fan publisiteit en oandacht foar my altyd it dreechste. It meitsjen fan materiaal (affysjes, flyers en parseberjochten), dêr ha 'k in soad aardichheid oan. Mar ik mis de feardigens ta net-wurkje. Ik ken gjin minsken by de media. En by de media kenne se my amper. De minsken dy 't wisten wa 't ik bin en wat ik doch, dy wurkje dêr net mear. Ik brûk gjin sosiale media, gjin Facebook, gjin Insta, gjin X, gjin YouTube of TikTok. (Ik moat eins ek fan Whatsapp ôf: Meta en kon-sorten kinne stadichoan beskôge wurde as kriminele organisaasjes.)

Dy betreklike ûnbekendheid - en de rol fan de digitalisearring dêr yn - spilet ek in rol by de ferkeap fan 'de wals', de nije teaterfoarstelling, dy't ik spylje mei Tseard Nauta. Yn jannewaris wie de premjêre. Moaie resinsje, opteine publyksreaksjes, ek by de foarstellings dy't we oanslutend spilen. Foar dy premjêre hie ik - dat wie ik sa wend - oan sa 'n 40 potinsjele útkeapers in útnoeging stjoerd. Dat binne kulturele kommisjes en programmeurs fan lytse en grutte teaters. Dêr kaam, op 2 nei, gjin inkelde reaksje op. Nei de premjêre noch mar ris in mail mei de resinsje ensfh... De grutte teaters litte útsoarte neat fan har hearre. Dat komt ek omdat de profesjonele programmeurs amper mear achter harren skerm wei komme. Om te kiezen út it oerweldigjende oanbod dat - faak yn 'foardielpakketten' - nei harren ta komt, wurde in tal foarwearden en skaaimerken formulearre, lykas faraasje yn de ûnderskate disiplines, lanne-like bekendheid, al dan net op TV west, ensfh. It Frysk spilet dêryn amper in rol, al wurdt foar Tryater meast wol in plakje frijholden. Dan moatte de algoritmes fierder harren wurk dwaan. It soe wol ris wêze kinne dat dit de banen binne dy't aanst as earste oerstallich wurde, omt A.I. soks likegoed, sa net better en útsoarte goedkeaper kin. Dat is spitich, omdat dêrmei ek it persoanlike, it dwerse, it net-berekkene risiko út it hiele oanbod ferdwynt, foar safier dat no al net it gefal is.

Freed, 29 maaie.

De earste twa foarstellings sitte der op. Wat ik foarôf betocht hie yn, oan en om de karre hinne, dat wurke moai. De reaksjes binne posityf. Ik ha fyts en karre yn Akkrum stean litten en bin de oare deis wer op 'e tiid by de bibliteek. It begjint al aardich waarm te wurden.

Earste bestimming: Grou. Om dêr in âlde tasizzing yn te lossen: spylje by en foar 'omke Piet'. Dat is net in echte omke, mar ik kende him al yn in foarich, 'klassyk' libben. Underwizer mei in moaie tenoar-stim, dêr't er mei by it Ljouwerter Bachkoar song, ek solo's. Doe't ik sels koardirigint wie ha ik him ris frege foar de rol fan evangelist en fertolker fan arias by de útfiering fan in Markus-passion. fan Reinhard Kaiser, in tiidgenoat fan Bach.

Letter waard er troch in relaasje 'omke Piet', al wie der ek dêr gjin famyljeferwantskip. No is er demintearjend en wennet yn Friesmahiem. Syn frou, 'tante Sjouk', wennet op in pear hûndert meter oan de oare kant fan it Halbertsmaparkje. As jierdeikado hie ik har tasein om ris by omke Piet te sjongen en no sille we dêr tegearre hinne

Ik ha in soad yn ferpleechhûzen songen en spile. Dat fariearde fan in moarn of middei, wêrby't minsken yn in grutte seal by-inoar brocht waarden foar ien optreden, oant in foarm, wêrby't ik fan húskeamer nei húskeamer gie en dêr koarter song. Dat lêste ha 'k it leafst. No treffe we omke Piet boppen in puzzelboekje, mei wat oare minsken der om hinne. Hy werkent my net, myn namme liket him neat te sizzen. Ik pak de akkordeon út begjin te sjongen. Lietsje nei lietsje. Bekende lietsjes. It binne faak de wyskes, dy't de wurden werom helje. As ik de wize spylje fan *Im Prater blühen wieder die Bäume*, in liet fan Robert Stolz, komme de wurden werom. Hy hat net inkeld Bach fertolkt, mar ek diel útmakke fan de sjonggroep Cantare, dy't opera en operette net inkeld song, mar ek yn sênes útspile. Syn tenoar klinkt noch altyd moai. Stadichoan komme der mear minsken by, ek fan de fersoaring. Fryske lietsjes - Wâldsang, Simmermoarn, It feintsje fan Menaam - it wurdt meisongen en mei nûndere. Even kofje tuskentroch. We ha in petearke oer of der anst noch minsken binne dy't dizze lietsjes noch kenne. Underwizers sjonge amper mear mei de bern. Omke Piet folget nei alle gedachten it petear, want ynienen seit er: 'mar dat kin ek wol wer feroarje...'

De ûnderfining yn Friesmahiem is ek ferbûn mei wêr't de foarstelling oer giet. Ien fan de tema's is dat lieten gjin losse entiteiten binne, mar diel útmeitsje fan in grutter ferhaal. Wy binne wend rekke oan it liet as 'produkt', dat ús even fermakket, emoasjoneart, in oantinken opropt en dan wer plak makket foar it folgjende liet. 'Arbeidsvitaminen'.

Ik begjin de foarstelling mei in lietsje, dat reflektearret op in foto, dy't foar elk sichtber diel útmakket fan it tenielbyld fan de foarstelling. De tekst dêrfan stiet hjirneist boppenoan de side.

Dit lietsje is ûntliend oan 'in ferske', in gedicht fan Wi-bren Altena, dy't ek as foardrager furore makke yn de jierren '50. It waard yn 1948 publisearre yn De Tsjerne, in literêr tydskrift mei as redakteuren û.o. Fedde Schurer en Anne Wadman. De wurden fan it earste kûplet binne in fariaasje op dy fan Altena, de rest is fan my.

in âld lietsje (klik op 'titel & harkje')

in lietsje fan wille op it weagjende wiet
nûndert my aloan yn't ear
it wyske is âld, de meldije sa swiet
mar de wurden, dy wit ik net mear

it sjongt oer in simmer, oer wetter en wyn
oer in boatsje, it hinget wat skean
oer in sinne dy't achter it seil ferdwynt
en it buiswetter spat op 'e klean

pake syn stim, de stim fan in man
dy't graach oer it wetter fertelt
in jonkje krijt dêr syn dreamen fan
miskien wurdt er skipper of helt

dat lietsje oer leafde, oer lûden en ljocht
komt trou alle simmers werom
it wyske sjongt yn 'e holle mar troch
mar de wurden, kom dêr mar ris om

wurden & wize: Bennie Huisman
de prachtige pianopartij is fan Corinne Staal

In foto út begjin jierren '50. It jonkje mei de krullen bin ik. Ik sit neist myn pake. Dy is yn 1889 berne op in fiskaak en wurket as arbeider 'yn it hout'. De sylboat is in troch himsels boude lytse BM-er. Net folle letter begjint er oan in grutte kajútskou, dêr't we geregeld mei nei Grou of Terherne moterje.

Dizze foto is tink' op it Nanneviid nommen, troch myn heit, foar yn de kûp. Dy is dan goed 30 jier âld. As kostwinner fan in gesin mei 4 bern jout er muzyklessen en dirigear koaren en korpsen. Dat is in ûnwis ynkommen. Lykwols keapet er in fototastel en in pear jier letter in nije Renault Dauphine.

Dat hat er net fan frjemd. Beppe, dy't yn de foarein fan harren hûs in manufaktuerwinkel hat, keapet ein jierren '50 al in televyzje om de beppesizzers te lokjen. Pake is sober, dat blykt ek út syn klean.

Us heit foar yn de boat sjocht der by dit útstapke hiel oars út. Op in foto letter op 'e dei steane we alle trije. Pake hat in flanelen himd oan lutsen. Ik ha noch altyd itselde oan.

Mar heit is alhiel yn it wyt: in skerp strutsen tinne lange broek, in moai boesgroen en boatskuon. De linkerhân leit artystyk op de oplutsen linkerknibbel, oan de vinger hat er in grutte segelring dy't er syn hiele libben drage sil.



Op in beskade terras yn Grou meitsje ik wat notysjes. De karre makket yntusken sichtber wat reklame foar de sneintemiddeifoarstelling yn Poppenwier. Myn doel hjoed wie: mei de pont oer nei De Burd, dan oerstekke nei Sitebuorren en jûns bedarje by soan, frou en bern, dêr't ik sneontejûn spylje sil. Mar it is hyt, brodsk en ik skytskoarje der tsjinoan. It rommeljen fan 'e tonger makket de oerstek troch dat keale leechlân ek net oantrekliker. Gjûn risiko. Ik sykje in koel plakje ûnder in beam, foar in knipperke. Letter op 'e middei lit ik my ophelje. Fyts en karre stal ik by tante Sjouk, dy pik ik sneintemoarn wol wer op. Yn 'e auto letter eazet it en hearre en sjogge we in dikke tongerbui.

De oare deis is de atmosfear wer yn 'e rêst en de jûns kin it yn de tún. Sneintemiddeis slút ik de toer ôf yn Poppenwier, dêr't yn de smelle Buorren in lytse Fermanje him skûlhâldt.

It spul fan de reizgjende foarstelling koe ik diskear net alhiel 'utspylje' sa 't ik it yn 'e holle hie. Ik merk, dat ik minder goed oer hege temperaturen en bare sinne kin as 10 jier lyn op myn Berlyn-reizen. Mar de foarstellings spylje, dat wie in feest. Kin wol wer ris.

Want as ik op it hiele proses fan idee, tariedings en útfierings weromsjoch, hat it my in soad jûn. Dekôrs en rekvisiten sels meitsje, dat ha 'k altyd moai wurk fûn. By subsidiêarre teaterfoarstellings hierde ik dêr fakminken foar yn, dy't myn ideeën dan fertaalden yn wat bysûnders. Mar ik ha sels altyd in soad makke. Ek foar 'de wals'. It is foar it proses like wichtig as it meitsjen fan in besteklike reade tried yn in tema-programma. *Lietsjesman* is in soarte fan idintiteit dêr't mei te boartsjen is. Mei as skaaimerke: 'myn lieten én de ferhalen dêr't se harren bêdding yn ha'. Mar om dy kearn hinne kin ik fariearje mei tema's, lieten, ferhalen en talen. No wie it subtema: *droom & daad*. Mar it soe ek *de leafde* wêze kinne. Of *de see*. Sa kin ik mei wikseljende sub-tema's oare foarstellings meitsje. *Live*-foarstellings. Sykjend. Rêdderjend. Mei lek en brek. Mei ûnhandichheden & beheining. Lykas yn de measte minskelibbens.

In oar antwurd ha ik net op *A.I.*, brutaliteit, data-stellerij, skamteleazens en ûnminsklikheid.



Po@dium is in persoanlik digitaal magazine, sûnt 2014
 Alle eardere Po@diums fan 2025 en 2026: benniehuisman.nl
 Réaksjes? altyd wolkom: huisman.bennie@gmail.com
 Op of út de ferstjoerlist? mail - of app: 06-29155260
 En trochstjoere nei oaren? Graach.